

Protestantse Gemeente Burchwert-Hartwert-Hichtum

Beliedsplan 2023-2026

1 Utgongspunt

Wy wolle in leauwige mienskip wêze: meiinoar ferbûn as minsken dy't sykje nei hâldfêst, treast, mienskip en freugde. Wy leauwe dêrby yn de iene God dy't Him iepenbiere hat, earst oan it folk Israel en fia dat folk oan de hiele wrâld, troch de Bibel, troch Jezus Kristus en troch it wurk fan de Geast.

2 Organisaasje

2.1 Stân fan saken

- Us gemeente wurdt droegen troch de leden. Meiinoar jouwe wy foarm oan 'e earetsjinst, yn prinsipe op de sneinen en feestdagen. Ungefear trije tsjinsten yn it jier wurde organisearre troch gemeenteleden. Meiinoar hâlde wy ek oare aktiviteiten, soms yn oparbeidzjen mei treden: projekten yn 'e Advints- en 40-dagen tiid, Tsjerkepaad, ensfh.
- De organisaasje fan de tsjinsten en de oare aktiviteiten leit by de tsjerkeried en in tal kommisjes. De tsjerkeried is altyd einferantwurdlik. De tsjerkeried bestiet út 2 âlderlingen, 2 diakens en 2 âlderlingen tsjerkerintmaster. Spesjale opdracht: 1 gemeentelid foar it behear fan de Webside. De kommisjes binne: sangtsjinstkommissje, de iepenloftsjinst kommisje en de krysttsjinst kommisje. Dêrnjonken binne gemeenteleden aktyf foar it kostenjen, foar it fersoargjen fan 'e kopij foar it regionale tsjerkeblêd *De Kerkklok*, foar it organisearjen fan it tsjerkepaad simmerdeis, ensafh.
- Mei de Protestantse Gemeente Easterein hawwe wy in oerienkomst ôfsluten foar help fan harren predikant. Dit giet oer: pastoraat, rou- en troutsjinsten en begelieding fan de tsjerkeried. De oerienkomst is jildich foar twa jier mei in opsje om te ferlingjen mei noch in kear twa jier.

2.2 Doel fan earetsjinst en oare aktiviteiten:

- 1) de bân mei elkoar fêsthâlde;
- 2) fierder leare yn ús leauwen;
- 3) de wrâld sjen litte fan ús leauwen.

2.3 Foar wa binne earetsjinst en oare aktiviteiten bedoeld?

Foar de leden, foar alle minsken dy't yn Burchwert, Hartwert en Hichtum wenje en ek foar oaren dy't har mei ús gemeente ferbûn fiele.

2.4 Plannen foar de takomst

- Yn 2022 binne der in tal gearkomsten hâlden fan de tsjekeriedsleden út de Greidhoeke regio mei de Classis predikant wer't praten is oer de takomst fan de gemeenten en de mooglikheden foar gearwurking fan gemeenten. Nei dat de PG Lollum-Waaksens

oanjûn hat gjin takomst te sjen yn fierdere gearwurking mei ús gemeente binne wy op oanrieden fan de Classis predikant yn petear mei de PG Easterein oer gearwurking.

- As earste stap hawwe wy de Activiteitengids fan de PG Easterein hûs-oan-hûs rûnbrocht yn ús doarpen en kinne wy dielnimme oan harren aktiviteiten. Dizze foarm fan gearwurking wolle wy in de kommende jierren trochsette.
- Fierder wolle wy de gearwurking met de PG Lollum-Waaksens yn 'e foarm fan mienskiplike tsjinsten trochsette oan 'e ein fan 2023 ta. Dernei sille wy sykje nei mooglikheden om foar de tsjinsten ek oan te sluten by dy fan de PG Easterein.
- De kommende jierren wolle wy ek deroan wurkje ús eigen tsjinsten oantrekliker te meitsjen en de tsjerken iepen te stellen foar oare aktiviteiten en dat mear bekendheid te jaan mei it doel mear minsken út de doarpen en de omkriten te belûken by ús gemeente.

3 Pastoraat

3.1 Stân fan saken

- It pastoraat fynt plak yn 'e foarm fan besiten en omtinken. De âlderlingen en de helppredikant hawwe dizze taak, ûnder ferantwurdlikheid fan 'e hiele tsjerkeried. Hja sykje minsken op, benammen âlderen, siken, jonge âlders, minsken dy't in ferriet te ferwurkjen krije. Ek oare gemeenteleden kinne foar elkoar pastor wêze, en binne dat faaks ek.
- Twa kear jiers sitte âlderlingen en predikant by elkoar om wurkôfspraken te meitsjen oer kontakt en besite. Yn 'e praktyk is der struktureel omtinken foar alle minsken yn ús doarpen: minsken oan 'e râne fan 'e tsjerke krije by gelegenheid ek oandacht.

3.2 Doel fan it pastoraat

- 1) Alle gemeenteleden it besef jaan, dat de oare like belangryk is as sysels.
- 2) Alle gemeenteleden merke litte, dat der fanút de gemeente om jin tocht wurdt.

3.3 Foar wa is it pastoraat bedoeld?

Foar alle leden fan 'e gemeente, foar elk dy't by de gemeente belutsen is, en foar harren húsgenoaten en neisten as se gjin lid binne fan in oare gemeente.

3.4 Fragen foar de takomst

- Op dit stuit wurde de tsjerkegongers en elk dy't aktyf is yn 'e gemeente geregeld opsocht. Ek gemeenteleden dy't net aktyf binne, mar dêr't wat slimms of moais mei bart, wurde net fergetten.
- Wy soene by de gemeenteleden oanjaan kinne dat se ús helpe kinne troch in iepen each en ear te hawwen foar de minsken om har hinne, en sagau't se wat hearre dat mooglik pastoraal omtinken freget, de âlderlingen yn te ljochtsjen.

4 Diakonaat

4.1 Stân fan saken

- De diakony hat ynkomsten ta syn foldwaan, dêr't ferskate goede doelen en projekten

mei stipe wurde kinne. Dy ynkomsten komme út 'e hier fan lân, fan huzen en út kollektejild, jeften en aksjes. It jild dat sa binnenkomt wurdt oermakke nei diakonale en misjonêre projekten yn binnen- en bûtenlân. Fierders soarget de diakony foar in krystattinsje, de blommegroet út 'e tsjerketsjinsten foar gemeenteleden en oare ynweners fan de doarpen ta bemoediging en in besite oan âldere en allinnich wenjende gemeenteleden.

- De diakony organisearret de aktiviteiten yn prinsipe sels yn syn gearkomsten. De tsjerkeried wurdt op 'e hichte holden fan wat der binnen de diakony bart en wat de diakony docht.
- Foar mooglike yndividuele help is it wichtich dat ek de diakens witte wat der yn 'e doarpen spilet.

4.2 Doel fan it diakonaat

- 1) Utdrukking jaan oan ús leauwen dat yn it Keninkryk fan Kristus de earmen en de swakken en de minsken dy't, al of net troch eigen skuld, yn 'e problemen sitte, op it earste plak komme;
- 2) Harren merke litte dat se like belangryk binne as elk minske;
- 3) De wrâld sjen litte hoe't wy ús leauwen yn praktyk bringe.

4.3 Foar wa binne de diakonale aktiviteiten bedoeld?

Foar elk dy't help nedich hat, yn of bûten de tsjerke, fierôf of tichtby.

4.4 Plannen foar de takomst

- De finânsjes fan 'e diakony binne goed op oarder, no moat der op tasjoen wurde dat dit ek sa bliuwt. By problemen moat der fuortendaliks maatregelen nommen wurde.
- De behertiging fan 'e hieren is yn hannen jûn fan in eksterne saakkundige, dy't op syn minst ien kear yn it jier ferslach dwaan sil yn 'e tsjerkeried fan 'e stân fan saken en evt. problemen.
- De mooglikheden ûndersykje foar it oanstellen fan in sosjaal diaken út eigen rûnte om as diakenij wêr nedich is, yn finansjeel opsicht by te springen.

5 Tsjerkerintmasterlik behear

5.1 Stân fan saken

- De bydrage oan de helppredikant, eksterne saakkundigen te witten KKA, KKG en SBKG en it ûnderhâld fan twa monumintale tsjerkegebouwen freegje in trochgeande jildstream. Dy bestiet út twa parten: frijwillige bydragen fan 'e leden, en ynkomsten út besit.
- De hierynkomsten fan it lân binne op in réeel nivo brocht en wurde fêststeld troch de pachtkeamer.
- Foar it ûnderhâld fan de beide monumintale tsjerken yn de perioade 2019-2024 hawwe wy subsydze krigen fan de Rijkdienst voor Cultureel Erfgoed (RCE).
- As part fan it ynstânhâldingsplan 2019-2024 hawwe beide tsjerken in grutte ûnderhâldsbeurt hân en se steane der wer goed by.
- Fierders binne de tsjerkerintmasters ferantwurdlik foar de minsken dy't aktyf binne yn en om de tsjerkegebouwen (benammen de koster) en de tsjerkhôven.

5.2 Doel fan it tsjerkerintmasterlik behear

Soargje foar genôch ynkkomsten om it tsjerkewurk sa't fêststeld is yn it beliedsplan útfiere te kinnen.

5.3 Plannen en fragen foar de takomst

- 1) De frijwillige bydragen en hierynkkomsten moatte op in réeel nivo bliuwe. Foar de frijwillige bydrage sil der, fia de aksje 'Kerkbalans', alle jierren op wiisd wurde dat de bydrage mei de kosten meigroeie moat.
- 2) Wy sille ek oan de ynwenners fan de doarpen oanjaan dat de beide histoaryske en monumentale tsjerken fan grut belang binne foar de doarpen en dat it ûnderhâld net fergees is. Sadwaande wolle wy alle ynwenners fan de doarpen ek belûke by de finansjele aspekten fan it ûnderhâld.

6 Jeugdwurk

6.1 Stân fan saken

Troch de sluting fan de skoalle yn Burchwert en de ôfwêzichheid fan skoallen yn Hartwert en Hichtum geane de bern nei skoallen yn doarpen yn de krite. Se nimme dan faak ek diel oan aktiviteiten dy't troch of mei dy skoallen organisearre wurde. De bydrage fan ús gemeente der oan is dan lyts.

6.2 Doel fan it jeugdwerk

De jongere ginneraasje, yn it bysûnder jonge âlders yn 'e gemeenten en yn ús doarpen oanjaan, dat de tsjerke der krekt likegoed foar harren en hun bern is as foar de âlderein.

6.3 Foar wa is it jeugdwerk bedoeld?

Foar alle jonge leden fan ús gemeente, mar ek foar de jeugd yn ús doarpen en de groepen dêr't de jongerein fan Burchwert, Hartwert en Hichtum yn beweecht.

6.4 Plannen foar de takomst

De tsjerkeried sil inisjativen ûndernimme, wêr mooglik tegearre mei de PG Easterein, om de jonge âlders mei lytse bern wer by it tsjerkewurk te belûken. Wy sille eigentiidse inisjativen organisearje moatte dy't oansprekke by dizze leden om de oansluting mei harren net definityf te missen.

7 Kontakten mei oare partners

7.1 Stân fan saken

Wy hawwe mei de folgjende partners geregeld kontakt yn it ramt fan tsjinsten of oare aktiviteiten.

- 1) Sjongkoar Nocht & Wille.
- 2) muzykkorps Excelsior te Burchwert;
- 3) frouljusferiening Actief-Creatief-Bezig (ACB) fan Hartwert
- 4) de skildersklub fan Burchwert

7.2 It doel fan 'e kontakten mei oare partners

- 1) bredere dielname oan 'e projekten;
- 2) tsjerketsjinsten en aktiviteiten foar alle ynwenners fan 'e doarpen;
- 3) alle minsken yn ús doarpen by it tsjerklik libben belûke.

7.3 Plannen en fragen foar de takomst

Wy hawwe yn dizze tiid geregeld kontakt mei de helpredikant fan de PG Easterein en mei harren tsjerkeriedsleden oer it fierder útwreidzjen fan de aktiviteiten die 't wy ûndernimme kinne om de net-aktive gemeenteleden en de oare ynwenners fan ús doarpen by de gemeente te belûken. Ek wolle wy yn oerlis mei de PG Easterein tawurkje nei in fierdere gearwurking op it gebiet fan mienskiplike aktiviteiten en úteinlik nei foarmen fan gearwurking op it gebiet fan organisaasje.

Konkrete aksjes foar 2023 o/m 2026

- 1) Gemeenteleden belûke by it omsjen nei elkoar en harren stimulearje om oan de âlderlingen te fertellen wêr't omsjen nedich is.
- 2) Soargje foar nije tsjerkeriedsleden dy't nei 2024 it stokje oernimme kinne fan in tal no sittende ambtsdragers
- 3) De gearwurking met de PG Easterein fierder útwreidzje en mei de gemeenteleden wurkje oan draachflak foar dizze gearwurking
- 4) Yn gearwurking mei de PG Easterein inisjativen ûndernimme om jonge âlders mei lytse bern by de gemeente te belûken.
- 5) Optimale eksploitaasje fan de tsjerken foar de tsjerklike gemeente en de doarpsmienskippen troch de tsjerken ek beskiber te meitsjen foar oare aktiviteiten as tsjerketsjinsten bygelyks oargelkonserten, tentoanstellings.
- 6) In nij Instandhoudingsplan opsette foar de perioade 2025-2030.